

Allegearre snie

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 762 0
1^e printinge 2015
© 2015, Meindert Bylsma

Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
Til: 058 - 289 48 57
www.elikser.nl

Foto's omslach: Hieke Bylsma
Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Allegearre snie

speurdersroman

Meindert Bylsma



Haadstik 1

‘Krijt op tijd.’

Sa hjit de biljertklup. En sa is ’t mar krekt. Dus stiet it sa ek op ’e mânske prizekast oan ’e muorre fan it doarpshûs. Guon prizen passe net iens yn ’e kast. Dy stean der boppe op. Unbidige bekers, europakuppich hast, mar dan sûnder earen. Allegearre wûn yn ’e kupduels tsjin ’e klups fan ’e omkriten.

Kees hat de namme op ’e kast ferve, yn grutte sierlike letters. Kees is foar de kost ferver en bûten de kost om foarsitter fan ’e biljertklup.

‘Hie ’t net wat lytser kinnen?’ fregen guon doe’t er útferve wie.

‘Nee,’ wie Kees resolút fan betinken, ‘ik wol it jim goed yn ’e kop stompe, alle kearen wer: “Krijt op tijd!” En dat jildt net allinnich by it biljerten mar ek yn it libben sels. Net op tiid krytsje betsjut ketse. As it ketst yn jim libben is de kâns grut dat jim hjir of dêr de boel sloere litten ha.’

Kees is dus net allinnich ferver en foarsitter, ek noch filosoof. Mar, al kin er filosofysk moai ferdútse wêr’t oaren om tinke moatte, sels docht er it net altyd. It ketst sa no en dan by him, net allinnich op it griene fjild fan it biljert, ek op it grutte fjild fan it libben. Kees is frijfeint. By ’t ompartsjen fan ’t frouljusfleis is er lykwols net foarby gien. Mei syn relaasjes lykwols rint it nei in hoartsje altyd wer mis. Hy hat dus net allinnich in handicap by ’t biljerten, ek ien yn ’e relasjonale sfear. Is it wer ris misbeteard mei ien fan ’t froufolk, dan wurdt Kees op ’e klup wer eefkes fyntsjes op syn eigen wurden weromsmiten: ‘Keutje niet op tijd gekrijt, vrouwtje kwijt,’ rimet dan ynienen syn bierfiltsje.

As Kees op sa'n stuit laket as in filosoof tusken iisbearen op 'e Noardpoal, waret der wat fan stille wille troch de bar. Gauris smyt Kees justjes letter, heal serieus heal pleagerich, in iisbaltsje werom.

'Jim tinke dochs net dat ik de iennichste bin mei in handicap wol? Wat is "Krijt op tijd" no oars as in klup mei in heech gehalte oan omkoalen dy't leech skoare yn snoadens.'

Pibe kin it mei Kees wol lykfine. Dy fynt dat hy mei dy omkoallerij it meast oantangele sit. Mar, omdat hy gjin koalen bout mar jerappels, hantearret er as biedwurd in âlde folkswiisheid: de domste boeren ha de grutste jerappels. En sa kin er it mei syn handicap en syn jerappels wol aardich roaie.

De biljertklup is in trochsnee fan 'e doarpsbefolking: folk fan alderhanne slach. Fan bouboer oant boufakker, fan ferfer oant foeger, fan monteur oant direkteur, fan sakeman oant hampelman. Gâns ferskil dus sosjaal besjoen. En it seit himsels dat soks ek ferdiskontearre is yn 'e moneymoney-sitewaasje: dy rint fan te min by de ien, oer modaal by de oar, nei net te min by in tredde. Skelte heart by it earste skift. Hy is ien fan temin, ek al is dat der, mei syn wielderich foarkommen, fan bûten net oan te sjen.

'Bist op 'e brommer Skelte?'

'Nee, hoe dat sa.'

'No, do hast de helm noch ûnder de trui.'

En ek al binne de troch mem-natoer omparte handicaps net gelyk en binne der sa grutte maatskiplike ferskillen ûntstien, op it griene lekken is elkenien gelyk mei gelikense kânsen: net de kânsljedder fan 'e maatskippij jildt dêr, mar de handicapsjedder fan 't biljert. Oanlis en ûntjouwing binne dêryn ferdiskontearre.

It wachtsjen is op Bareld. Skelte hat it al in pear kear roppen.

‘Wêr bliuwt Bareld no!’

Skelte hat belang by Bareld syn kommen. Bareld heart, yn tsjinstelling ta Skelte, wat de pecunia oanbelanget ta it lêste skift. Hy is ien fan net te min. En hy sit der net op. Hy jout alle klupjûnen in rûntsje wei foar alle leden. Dêr hâldt er in reputaasje mei op. Mei’t Skelte hurd sûpe kin, sa hurd dat syn glês al leech is as de oaren noch begjinne moatte, kriget hy altyd ien ekstra want by ’t sûnens tawinskjen soe in leech glês misstean as in keu sûnder pommerâns.

‘Wêr bliuwt Bareld no!’

Bareld hat sa syn tiden fan te let kommen. Hy wurket op it plestikfabryk yn ’e stêd. Underhâldsmonteur is er dêr. Dat er aardich spikers om hannen hat, komt net fan dat fabryk. It minimum, of dêr krekt boppe, is foar de measten wizânsje op dat fabryk en dat jildt ek foar Bareld. Hy moat dus noch oare ynkomsten ha. Op ’e klup wurdt dêr ûnderdúmkeswei wolris wat op omspekulearre. In temûk hanneltsje? In erfenske? Mar Bareld lit se efter syn rêch om mar mûskopje en hâldt de pipen yn ’e sek.

‘Toarst mannen?’

Dêr is er.

‘Nim allegearre mar ien fan my.’

Bareld hat syn reputaasje wer wier makke en ploft op in kruk by de bar del. Skelte hat syn glês âlderwenst al wer leech as de oaren it glês noch net iens oanrekke ha en kriget like âlderwenst ien ekstra.

‘Sûnens!’

‘Proast!’

‘Tsjoch!’

‘Ik ha noch in kwitânsje foar dy,’ ropt Sibe tsjin Bareld.

Sibe is ponghâlder fan 'e klup. En in tûkenien: dy't noch net betelle hat, wurdt dat regelmjittich wer yn 't sin brocht. Duorret it net-beteljen te lang, dan wurdt dy wanprestaasje sels oer de buorren hinne de wanbeteller wer yn 't ûnthâld âle.

'Kom mar op mei dat ding,' seit Bareld, 'dan sil ik fuort lykmeitsje. Ik wol gjin praatsjes ha.'

Mei Bareld is de klup kompleet. Alles ferrint wer sa 't alles ferrinne moat. Problemen wurde tusken twa swolgen bier yn besprutsen en oplost. En net allinnich lytse problemen. Gauris wurde der op 'e klup opmerkingen makke yn 'e trant fan: 'Se hienen folle better dit, yn stee fan dat, dwaan kinnen.'

En dan wurde mei dy 'se' fansels dy fan De Haach bedoeld, mei dat 'dat' de ferkearde besluten dy't se dêr nimme en mei dat 'dit' de folle bettere oplossingen betocht troch de mannen fan 'Krijt op tijd'. Mar ja, yn De Haach spylje se in eigen spul mei eigen handicaps en dêr ha se de wize mannen fan 'Krijt op tijd' net by nedich. Dêr binne se it wol oer iens. Net iens binne se it oer de polityk sels: it politike stingedrach rint dwers troch de klup hinne fan lofts, oer it midden, nei rjochts. Elk hat sa syn eigen tinkpatroan. As it wurdt opfretters falt, tinkt de ien oan asylyskjende bûtenlanners en de oar oan bonusopstrikende bankdirekteuren. En salang as dat tocht wurdt en net lûdop sein - en sa bart it - gjin botsingen. De ballen botse, de mieningen strike by inoar del. Polityk delikate kwestjes wurde op 'e klup ûnder it biljert skood. In stek ûnder wetter, in pleagerijke, dêr bliuwt it by. Elk hat syn eigen eigenaardichheden en mei dy hâlde.

Nim no Sjoerd. By him rint alles altyd op stront en dêroan besibbe saken út.

'Silst fuort?' ropt Sjoerd by alle sketen dy't er opheint en hy is der kyn op.

'Nee, hoe dat sa.'

‘No do joust gas.’

Dat grapke makket Sjoerd oant ferfelens ta. Alle kearen as er fan ’t húske werom komt makket er de op-stront-út-rinnerij ek wer wier mei in lytse fáriaasje op syn eardere sitten op it húske. En elkenien spilet it spul dan wer mei, want Sjoerd is no ienkear Sjoerd.

‘Sa, gau berêden.’

‘Hoe no.’

‘Yn ien kear leech.’

‘Nee.’

‘Ja! It fleach der út as de lucht fan in opblaasde ballon sûnderknoop yn ’t fentyl. Hie ’k my net oan ’e pot fêsthouden, ik wie mei de harsens tsjin ’e souder flein, siet ik hjir no mei in bûde as in dûbeldjerre op ’e kop en mei in blauwe kont, want dy’t heech boppe de stront út fljocht, kin der mei in klap wer yn werom falle.’

Sa kriget ek de stront noch in lyts filosofysk lichtsje.

En dan Piter Oppedyk. Dy kriget alle kearen de hannen wer op elkoar as er in ‘oppedykje’ makket. Dat is in carambole dy’t offisjeel yn ’e biljertboeken te boek stiet as: ‘een konijn, een carambole die op onverwachte wijze, met een klos, tot stand komt in een situatie die leek mis te lopen.’ En ek al is it statistysk noait fêststeld dat Piter navenant de measte ‘konijnen’ makket, hy hat de namme. En dêrom is sa’n bal nei him neamd. Wa’t him ek makket, it bliuwt in ‘oppedykje’.

Sa wurde der, ek dizze jûn, wer de nedige ‘oppedykjes’ makke, kriget Skelte syn ekstra pilske, sit Sjoerd yn ’e stront en liket de biljertjûn fan ‘Krijt op tijd’ lykas alle oare jûnen wer noflik nei de ‘laatste ronde’ ta te rinnen.

Mar dan stiet der ynienen in frommis yn ’e doar. In moai frommis mei read hier. Der wurdt eefkes bewûnderjend

fluite, der wurdt in kromke ynholden 'bliksems' sein en it wurdt ôfwachtsjend stil. Net lang.

'Is Wedzinga der ek?'

'Wedzinga? O, Bareld sille jo bedoele.'

'Ferrek wêr is Bareld no! Sakrekt wie er hjir noch.'

'Ferlet fan in nikotinesjot, der eefkes út.'

Kees wiist har de wei. Hy docht de skodoar fan 'e bar nei bûten ta foar har iepen.

'As jo no lofts ôf om it gebou hinne rinne, komme jo him fansels tsjin.'

It frommiske út sicht, barste de kommentaren los.

'Bliksems noch oan ta!'

'De sûnde wol wurdich, sa'nien.'

'Dy soe ik der wolris ûnder ha wolle.'

'Do? Fan klearebare benaudens krijsto by sa'n spetter de lytse keu net iens omheech!'

Se hâlde de skodoar goed yn 'e gaten. Bareld sil beskie jaan moatte as er werom komt. Mar Bareld komt net werom. Kees nimt poalshichte en docht, as er werom komt, ferslach.

'Syn fyts stiet der noch wol, mar Bareld sels is fuort.'

Elkenien gnysket sawat. Dy Bareld!

Haadstik 2

De hal fan it plysjeburo hat wol wat fan in wachtkeamer. Der stean in stikmannich stuollen en in taffeltsje mei lêsofer, meast âlde nûmers fan in auto-magazine. Der sil dus wol in plysje wurkje mei in abonnemint op dat blêd en mei in frou dy't, as de steapel auto's op in berch sloopauto's begjint te lykjen, him freonlik mar mei klam oanpoenet de berch te sljochtsjen: 'Nim dy rommel mar mei nei it buro.' Op in stander leit noch mear lêsofer mei fleurige titels lykas 'Hoe voorkomt u zakkenrollen', 'Eerste hulp bij huishoudelijk geweld', 'Buren, wij gaan op vakantie', '101vragen en antwoorden over veiligheid'.

En fansels is der in baly mei in loket. Oan wjerskanten dêrfan, yn heechoppige plantebakken, stean - noflik yn it ûnderhâld - twa fikussen.

De kealens fan 'e wite muorren wurdt bestriden mei in foto fan in oer de Waadsee brûzende plysjeboat en in affysje fan '112 daar pak je boeven mee'.

Op in skerm yn in hoeke flitse allegearre meidielingen foarby. Jo sille hjir mar sitte te wachtsjen mei de bedoeling jo stellen fyts oan te jaan - jo ha de folder 'Geef fietsendieven geen kans' al fan foaren nei efteren en efterstefoaren trochnoaske - om dan op in skerm de meidieling te krijen dat jo sa'n Lytse Misdied fia ynternet oanjaan moatte. Och, tinke jo faaks yn earste ynstânsje, de plysje hat it ek sa drok mei de Grutte Misdied, mei al dy likwidaasjes yn it beropskriminele sirkwy, ik sil de plysje mar wat ûntlêste, ik gean wol nei hûs om myn nadere fytske dêr mei de kompjûter oan te jaan. Mar, wylst jo it lêste swolchje kofje - der stiet sels in kofje-automaat om it wachtsjen wat te fersêftsjen - opslurpe, tinke

jo yn twadde ynstânsje: wêrom litte se dy kriminelen net gewoan har gong gean mei it likwidearjen, ‘opgeruimd staat netjes’. Dan hoege der ek gjin tiid- en jildferslinende plysje-ûndersiken dien en prosessen fierd te wurden. Dan bliuwt der faaks wat tiid oer om... Fout fansels! Sa moatte fytsûntnadere om ’e nocht wachtsjende boargers net tinke. Dat sil elke plysje har wol ferdútse kinne. Of is dat no wer in ferkearde gedachte?

Hawar, op it skerm flitse net allinnich meidielingen foarby, ek it programma ‘Opsporing Verzocht’ wurdt útstjoerd. Op fêste tiden sjogge fiif boeven jo oan: twa wite, twa ‘getinte’ en ien ‘extra getinte’. Dy lêste kin, sûnder skuonpoets te brûken, sa as swarte Pyt optrede. Hy smyt ek it measte op as jo in tip trochjouwe dêr’t er mei oppakt wurde kin: € 30 000,-. De wite koppen dogge mar de helte. Dat is gjin boevediskriminaasje. Neffens regel ien fan ’e yn in kreaze list njonken de baly hingjende thúsregels fan it buro is dat op hals en kiel ferbean: ‘Ongewenste omgangsvormen zoals (sexuele) intimidatie, discriminatie, pesten, agressie, bedreigingen en geweld accepteren wij niet.’

Dêr is gjin wurd Oesbekistaans by! Dat kinne boeren, boargers en bûtenlanners mar yn ’e bûse stekke.

Earne fierderop yn it buro stean Brigadier-resjersjeur Liuwe Bekkema en haadplysje-resjersjeur Lukas Roosjen njonken elkoar te pisjen. Bekkema rjochtet op ’e mich dy’t yn ’e pibak bebakt sit.

‘In jier as wat tebek,’ seit er, mear tsjin himsels as tsjin Roosjen, ‘miigde ik by wize fan sprekken dy mich, as er net op tiid útnaaide, kroandea. No, mei sa’n miserich strieltsje, komt it by dat bist net iens op en naai út. Noch in pear jier en hy sil mei de drippen begjinne te knikkerjen.’

‘As de jierren oan it rigeljen binne, marsjearje de mankeminten op, “Einzug der Gebrechen,” sille de Dútskers wol sizze,’ gnysket Roosjen, ‘by de ien sille se wat earder komme as by de oar, mar dat se komme is like wis as dat wy no wer efter de kompjûter moatte om de papierboel ynoarder te krijen. In oere wurk mei in winkeldieverijke bûten it buro, twa oeren wurk op it buro.’

Se slingerje de lêste drippen fuort en sette suchtsjend ôf nei de terreur fan ’e rapporten.

‘En de steapel noch op te lossen dossiers waakst mar oan en mar wei,’ suchtet Bekkema fierder as se wer te plak sitte.

‘As krimmenearjen helpe soe,’ seit Roosjen op in toan dy’t net frij is fan krimmenearjen, ‘krimmenearre ik de hiele dei. Mar wy kinne de foarskriften net feroarje. Dêr binne wy te dom foar. Dy wurde makke troch “clevere managers” dy’t noch noait in winkeldieverijke ûndersocht ha en dus likemin op papier ferwurke.’

Sa waret de kriticus, as in stille plysje yn ’t swart by neare nacht, troch it plysjeburo. De kommissaris mei it net hearre, dy beheart de macht fan it systeem, dy giet oer de promoasjes.

In jier as wat tebek wienen fúzjes de grutste oanlieding ta kleien.

‘Wel ja, smyt de brot mar byelkoar, smyt de lytse burokes mar ticht, meitsje de ôfstân tusken boarger en plysje mar grutter. En wa wurde der better fan? Krekt dy mei de grutte petten, dy partsje inoar wol in moaie posysje ta. En wa mei de kastanjes út it fjoer helje en brânt him dêrby de kloeren? Krekt, de gewoane plysjeman! Mar dy moat net seure, dy moat gewoan syn wurk dwaan, want it imago fan it korps falt of stiet mei it ferantwurdlikheidsgefoel fan ’e leechste man of frou yn ’e organisaasje. Ja ja, se kinne it moai melde dy grutte petten.’

De lêste tiid giet de kleierij wat minder oer de buro-burokratsy en hieltyd mear oer it tanimmende geweld, oer agressyf gedrach tsjin helpferlieners yn 't algemien en dus ek tsjin 'e plysje. In jier as tweintich tebek bleau dat gedrach noch by skellen of allinnich mar driigjen mei geweld, mar hjoed de dei rint it gauris út op echt fysyk geweld, benammen as der drank en of drugs yn it spul binne. Remmen ha guon minsken dan net mear, wol messen en soms sels sjitark. Bedrigingen yn 'e priveesfear binne ek gjin útsûnderingen mear. 'Ik wit wêrst wennest, ik wit wêr't dyn frou wurket, ik wit wêr't dyn bern op skoalle gean.' En sa wurdt der, ek op dit buro, roppen om hegere straffen en feech op fyt belied. 'Maatskiplik isolearje sokken: barriêres opsmite by it oanfreegjen of ferlingen fan paspoarten en rydbewizen, útkearingen stopsette en sa.' Bekkema en Roosjen ha der wolris wat ferskil fan miening oer. As Roosjen ropt fan 'opslute dat naasje,' begjint Bekkema nei de oarsaken te fregjen.

'Wêr soe dy ferhurding weikomme?' smyt er dan op 't aljemint, 'soe it soms komme fan 'e feramerikanisearring dêr't wy mei oantangele sitte? Amearika is in moai lân, mar fan in moai nust Amerikanen doocht de mentaliteit net. As de riken de earmen noch net iens in goede syktefoarsjenning gunne, is der wat mis neffens my.'

As Roosjen him dan - nei alle gedachten mei opset sin, mar dat wit Bekkema net - wat ûnnoazel oansjocht, giet Bekkema stûf fierder mei syn referaat.

'Ik bedoel de yndividualisearring yn ús maatskippij: sosjale wetten dy't útholle wurde en solidariteit dat in fiis wurd liket te wurden. Wy wurde stadichoan in fersekeringsmaatskippij. Elkenien moat him sels mar rêde. No en dan rêdt elkenien him mei de mooglikheden dy't er

hat, sûnder rekken te hâlden mei de oar. Ik earst en twad en tred en wat der dan noch oerbliuwt meisto ha. De wet fan 'e jungle!'

'Dêr kinne wy dochs neat oan feroarje,' is Roosjen dan fan betinken, 'dat is hegere polityk, dy giet ús boppe de pet. Wolsto dy agressivelingen dan allinnich mar mei in warskôging: 'Eefkes goed nei omke plysje harkje en net wer dwaan want dan komt it op 'e kop ferkeard mei jim,' wer gewoan loslitte? Opslute sis ik, dan binne wy der fan ôf.'

'Symptoombestriding,' ropt Bekkema, 'en de kop yn 't sân stekke foar de oarsaken.'

'Do bist te weak.'

'En do te hurd.'

'Dan hâlde wy inoar moai yn 't lykwicht.'

'No sa! Kofje?'

En by de kofje komme der saken op 't aljemint dêr't se it wol oer iens binne: kommissarissen dy't net doge, organisaasjestruktueren dy't de ferkearde kant út strukturearje en dat de argewaasje by de noch net messtekkende, noch net sjittende gewoane boargers oanboazet, omdat dy de plysje wat langer wat mear sjocht as in klup fan bontsjeskriuwers ynstee fan boevefangers.'

Bekkema fisket in krantestikje út syn buro.

"De burger en z'n politie," begjint er te lêzen, "vervreemden van elkaar. Was een agent ooit je beste vriend, inmiddels is hij in de ogen van veel burgers een keiharde incasso-ambtenaar geworden. We zijn, zegt een politiemann, tweederde van onze tijd bezig met het verwerken van ons bonnenquotum. We zitten achter het bureau in plaats van te surveilleren. We worden de straat opgestuurd om te scoren en voor geen goud wil ik met mijn naam in de krant, want dan kan ik mijn carrière wel vergeten. De politie is

een organisatie waar men geen kritiek duldt. Als je openlijk ageert tegen besluiten, dan speel je met je loopbaan. Als ik straks mijn quotum niet haal, zit ik de hele dag binnen en zoekt de leiding een of andere suffe taak voor me.”

‘Noait witten, Liuwe, datsto de Telegraaf lêst.’

‘Skoanheit hat it foar my útknipt.’

‘Meist fan my dy krante wol lêze hear.’

Ek al ha Bekkema en Roosjen as resjersjeurs primêr net it measte mei in bonnekwotum te krijen, sekundêr wol. As de boarger de plysje net mear fertrout, sil de boarger minder loslitte. En dêr moatte resjersjeurs it by it oplossen fan in saak foar in grut part wol fan ha. Ek sy moatte skoare en in oplossingskwotum helje. Dus binne se solidêr mei de bonnekwotumkollega’s en dus seure se like hurd mei.

Liuwe Bekkema en Lukas Roosjen wurkje al jierren gear en al binne se hiel ferskillend fan karakter en jouwe se inoar sa no en dan stekken ûnder wetter, se kinne as de blommen. Op it buro wurde se dan ek ‘De Blomkes’ neamd. Har nammen binne dêr foar in part ek mandêlich oan fansels.

Foar’t se wer op ’e kompjûter begjinne te huffen, lit Bekkema him noch eefkes weisakje yn nostalgy.

‘Doe’t ik by de plysje woe, wie ús heit dêr wol mei op ’t skik. “In moaie sosjale baan,” sei er en hy song heal serieus, heal út ’e grap in ferske fan Benny Vreden. De fyftiger jierren dus.

“De politie is mijn beste kameraad.

De politie weet op alle dingen raad.

Als je lastig wordt gevallen

of je bent in groot gevaar,

bel of roep maar de politie:

die staat altijd voor je klaar.”

Dat song elkenien doe en elkenien wie it der mei iens.

En no? As ús heit noch libbe en hy soe it wêr dan ek mar lûdop sjonge, hy koe in slach foar de harsens krije. Hawar, doe wie doe en no is no.'

Mei in reade bûsdoek faget er him it swit fan 'e holle en set him wer oan 'e kompjûter.

'Witsto wol dat minskeswit,' hâldt Roosjen him wer fan 't wurk ôf, 'der foar soarget dat der in wale fan smoargens komt te lizzen oer de fresko's fan Michelangelo yn 'e Sixtijnse Kapel yn Rome? Sa'n seis jier lyn ha se dy dingen skjinnmakke en restaurearre en no is it al wer mis.'

'Hoe komst dêr no ynienen wer sa by. Dêr hienen wy it hielendal net oer.'

'Eartiids,' giet Roosjen ûnfersteurber fierder, 'dienen de roet fan kjerse en de walm fan oaljekachels dat. Dan fagen se dy fresko's foarsichtich ôf mei in spûns en wat wite wyn. En se smarden der in laach bistelym op om se te konservearjen. Mar it help net genôch.'

'Hoe witsto dat allegearre sa krekt.'

'En no,' lit Roosjen him wer net ûnderbrekke, 'komme der alle jierren fjouwer miljoen minsken yn dy kapel. It swit fan al dy lju, mar ek de hierren, de hûdskilfers en syntetyske stofdieltsjes fan har klean, ferstopje it kompjûterstjoerde klimaatbehearskingssysteem. En dat is fan gefolgen dat der opnij in wale fan smoargens delslacht op 'e muorren, op de plafonds en dus op 'e fresko's. Se ha no op 'e trap in kleele in dat stof oanlûkt en fêsthâldt om de suveringsynstallaasjes op gleele te hâlden. Mar oft it genôch is? Wa wit moatte se de stream toeristen wol oan bannen lizze.'

Roosjen ta de teannen út! Dy begjint soms as er wat sjocht, heart of rûkt dêr't him wat by yn 't sin sjit, samar te fertellen, ek al binne se mei hiel wat oars dwaande. In

eigenaardichheid fan him. En net te kearen dan. Hy rattlelet mar troch. No ek wer.

‘En oer dy lêste restauraasje meitsje se ek noch rûzje. Benammen oer it skjinmeitsjen fan ’e fresko’s. Der binne heldere kleuren foar ’t ljocht kaam. It driigjende donkergris is fuort. “Dit is it lêste oardiel net mear,” roppe guon, “jim binne trochsketten yn it skjinmeitsjen en ha ek in part fan ’e ferve fuorthelle, minskefleis liket no wol rikke iel.” Mar de skjinmakers roppe like hurd werom: “It is no wer sa’t Michelangelo it skildere hat, krekt as de wynsels dy’t no fuorthelle binne. Dy binne letter oanbrocht yn ’e preutse alfde en tolfde iuw, om de neakenens fan guon figueren te ferbergjen.”’

Yn it begjin koe Bekkema dêr mar min oer en woe er syn maat fuortdaliks wer by de les lûke. Mar yn ’e rin fan ’e jierren hat er leard dat Roosjen gewoan even syn tiid ha moat. Dêrnei komt er fansels wol wer by de les. Soms lit Bekkema him ferliede en gean op Roosjen syn ferhaal yn. Dan rekket it him ek of is de nijsgjirrigens baas. Mar de fernuvering oer Roosjen syn eigenaardichheid is bleaun. Meastal reagearret er, lykas no, op ’e deselde manier.

‘Hoe komst dêr no ynienen wer sa by. Dêr hienen wy it hielendal net oer. Wy binne mei wat oars dwaande en dêr ha de fresko’s fan Micheangelo neat mei te krijen.’

‘It rôle samar fan myn hurde skiif ôf. Dat kaam fan dyn reade bûsdoek en it switfeien.’

‘Ien grutte Winkel van Sinkel soms dy hurde skiif fan dy, alles leit dêr bytiden trochinoar: piltsjes foar ’t poepen njonken petten en kesjetten. En wat der ôfrôlet op in stuit, net te foarsizzzen!’

Bekkema begjint te deklamearjen.

“In de Winkel van Sinkel is alles te koop:

hoeden en petten
en damescorsetten,
drop om te snoepen
en pillen om te poepen.”
‘Sa komme ús rapporten net klear,’ ropt Roosjen.
‘Ferdomd, do hast gelyk,’ reagearret Bekkema.
Nokkerjend sette de mannen har wer oan it wurk.
En dan giet de telefoan.

Haadstik 3

‘Getferderry,’ foeteret Bekkema.

‘Wat no?’ freget Roosjen.

‘Sjoch sels mar.’

Bekkema wiist nei syn skuon.

‘Hûnestront. It tilt hjir op fan ’e hûnedrollen. En wa stapt der yn?’

‘Do, want it gelok is altyd mei de...’

‘Hâld dy domme opmerkingen mar by dy,’ ûnderbrekt Bekkema Roosjen in kromke noartsk.

Mei in fiis gesicht sjocht er nei syn skuon.

‘De hiele wrâld koe hjir ferdomme de hûn wol útskite litte.’

Bekkema faget de skoech wat skjûn yn it hege gers. De keutels besykjend te mijen, rinne se fierder it bosk yn, it boskje, better sein. Grif yn ’e sechstiger jierren oanlein doe’t, yn it ramt fan ‘beammen suverje de loft’, by ruilferkavelingen, op skealike stikjes grûn, oeral lytse boskjes oanlein waarden.

Yn it midden is in iepen plak. Oan ’e râne dêrfan, heal ûnder in hagedoarn, leit it lyk. In skot troch it hert, moard dus. Om spoaren feilich te stellen is it plak ôfset mei readwyt lint. It paad fierderop ek. In plysjeman hâldt de wacht. De technyske resjerzje is al oan it wurk. Lju fan ’e parse binne der noch net, mar dat sil wol net lang mear duorje. Se dûke ûnder it lint troch.

‘Wa hat him fûn?’ freget Bekkema.

‘Dy dêr,’ is it andert fan ’e wachthâldende plysjeman, ‘dy mei dy grutte hûn.’

Bekkema sjocht Roosjen oan.